



> Retroeadres Turfmarkt 147 2511 DH Den Haach

Oan de foarsitter fan de Twadde Keamer
fan 'e Steaten-Generaal
Postbus 20018
2500 EA DEN HAACH

www.rijksoverheid.nl
www.facebook.com/minbzk
www.twitter.com/minbzk
[www.linkedin.com/company/
ministerie-van-bzk](https://www.linkedin.com/company/ministerie-van-bzk)

Skaaimerik
2024-0000103269

Jo skaaimerik

Datum 19 febrewaris 2024

Giet oer Kabinetsreaksje Nederlân Europeesk Hânfêst foar regionale of
minderheidstalen en it Ramtferdrach oangeande de
beskerming fan nasjonale minderheden

Ik stjoer jo bygeand de reaksje fan it Ryk op it sânde evaluaasjerapport oer
Nederlân oangeande it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen en it
fjirde advys oer Nederlân en it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan
nasjonale minderheden fan de Ried fan Europa.

De sânde monitoaringssyklus foar Nederlân oangeande it Europeesk Hânfêst foar
regionale of minderheidstalen is yn 2021 úteinset en duorret fiif jier. Mei dizze
reaksje foldocht Nederlân oan it fersyk fan it Komitee fan Ministers fan de Ried
fan Europa om te reagearjen op de oanbefellings foar direkte aksje lykas
formulearre yn de sânde rapportaazje oer Nederlân. In oersetting fan dit antwurd
yn it Ingelsk sil dêrom ek dield wurde mei de Ried fan Europa.

Op 24 augustus 2023 hat it Advyskomitee fan de Ried fan Europa syn advys oer it
Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden publisearre.
Hjirmei is de fjirde monitoaringssyklus ôfrûne.

Ik stjoer jo ek in kopy fan it sânde evaluaasjerapport oer Nederlân oangeande it
Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen en de Nederlânsktalige
gearfetting fan it fjirde advys oer Nederlân en it Ramtferdrach oangeande de
beskerming fan nasjonale minderheden. Ek stjoer ik jo de evaluaasje fan de
útfiering fan it konvenant oangeande de Nederlânske erkenning fan de
Limboarchske taal. It Europeesk Hânfêst foarmet de basis foar de ynhâld fan it
konvenant.

Datum
19 febrewaris 2024
Skaaimerik
2024-0000103269

Mei út namme fan de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, de minister foar Basis- en Fuortset Underwiis, de minister fan Justysje en Feiligens, de minister foar Rjochtsbeskerming, en de minister fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid, en de steatssekretaris foar Keninkryksrelaasjes en Digitalisearring,

de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

Hugo de Jonge